

Namme:	Datum:
Underwerp ferslach:	Taal dêr't ik it ferslach yn skreaun haw:

SJENRE

- Is myn ferslach in echt ferslach?



1 Myn ferslach hat gjin titel of in ûndúdlike titel.



Myn ferslach hat in dúdlike titel dy't ynformaasje jout oer de ynhâld.



2 Myn ferslach mist in ynhâldsopjefte en/of pagina-nûmers.

Myn ferslach hat in ynhâldsopjefte en pagina-nûmers.

3 Yn de ynlieding stiet net wêr't de tekst oer giet.

De ynlieding makket dúdlik wêr't de tekst oer giet.

4 Myn ferslach mist belangrike ynformaasje foar myn lêzers.

Myn ferslach befettet alle belangrike ynformaasje.

5 Myn ferslach mist ynhâldlike ferdjipping (bygelyks taljochting, útlis, foarbylden).

Myn ferslach befettet in protte ynhâldlike ferdjipping (bygelyks taljochting, útlis, foarbylden).

6 De ynformaasje yn myn ferslach is hiel ferskillend en stiet los fan inoar.

Alle ynformaasje yn myn ferslach heart byinoar en is dúdlik mei inoar ferbûn.

6 Myn ferslach hat gjin dúdlik ein (bygelyks konklúzjes).

Myn ferslach hat in dúdlik ein (bygelyks konklúzjes).

TAALGEBRUK

- Past myn taalgebrûk by in ferslach?



1 Myn taalgebrûk (wurdkar,sinnen) past hielendal net by in ferslach oer dit ûnderwerp.



Myn taalgebrûk (wurdkar, sinnen) past hiel goed by in ferslach oer dit ûnderwerp.



2 Myn taalgebrûk past net by de lêzers fan dit ferslach.

Myn taalgebrûk past by de lêzers fan dit ferslach.

3 Myn ferslach mist in dúdlike opbou. Myn ferslach hat in dúdlike opbou.

4 Ferbannen, bygelyks oarsaak-gefolch, binne net dúdlik makke. Ik meitsje ferbannen, sa as oarsaak-gefolch, dúdlik troch sinjaalwurden.

5 In protte sinnen yn myn tekst rinne net goed. Alle sinnen yn myn tekst rinne goed.

? 6 Myn tekst befettet stylflaters. Alle wurden yn myn tekst binne goed speld.

? 7 Haadletters en lêstekens (punten, komma's ensf) haw ik net (goed) brûkt. Haadletters en lêstekens (punten, komma's) haw ik goed brûkt.

In sterk punt fan myn ferslach is:

.....

As ik wer in **ferslach** skriu, sil ik better tinke om dizze sjenre-kenmerken:

.....

De oare kear dat ik in tekst skriu, sil ik yn myn **taalgebrûk** better tinke om:

.....